

SPOAREN FAN 'FOKAALLYKWICHT' YN IT FÊSTEWÂL- NOARDFRYSK

Arjen Versloot

Zusammenfassung

Bei der aus den skandinavischen Sprachen und den weserfriesischen Mundarten bekannten 'Vokalbalance' handelt es sich um eine unterschiedliche Entwicklung der unbetonten Vokale auf Grund der Quantität der vorausgehenden Stammsilbe. Im vorliegenden Aufsatz wird an erster Stelle gezeigt, dass die Unterschiede in der Entwicklung der unbetonten Silben eher als quantitativ denn als qualitativ zu bewerten sind, womit die Vokalbalance als Ganzes als eine quantitative Begebenheit gekennzeichnet werden kann. Anhand von einer zweifachen Entwicklung im Festlandnordfriesischen des kurzen afr. /e/ in offener Silbe, wobei sich afr. /e/ in offener Silbe vor folgendem /a/ der Entwicklung in geschlossener Silbe anschließt, lässt sich darauf eine regressive Form von Vokalbalance nachweisen. Allerdings hatte Löfstedt (1928, 1933) bereits Ähnliches beschrieben, aber dies wurde von diesem Autor anders bewertet. Der auch wiederum quantitativ zu bewertende Unterschied zwischen /a/ und /e/ im Altfriesischen in unbetonter Silbe beeinflusst die quantitative Entwicklung der Stammsilbe: vor /a/ unterbleibt die Dehnung in offener Silbe. In der Ausführung wird noch hervorgehoben, dass ein derartiger Unterschied auch in der westfriesischen Mundart der Insel Schiermonnikoog sowie der ausgestorbenen ostfriesischen Mundart des Harlingerlandes begegnet.

0. Ynlieding

Yn dit stik wol ik yngean op ferskynsels fan fokaallykwicht yn it Fêstewâlnoardfrysk (Fwnfr.). It Fêstewâlnoardfrysk is de groep fan Fryske dialekten dy't op 'e westkust fan Sleeswyk tusken Husum en de Deenske grins en op 'e dêrfoar oer lizzende Halligen praat wurde of waarden. Tegearre mei de groep fan de Eilânnoardfryske dialekten fan Feer, Oomram, Söl' en Hilgelân foarmje se de Noardfryske tûke fan de Fryske taalfamylje. Fokaallykwicht is yn de frisistyk benammen bekend út de Wezerfryske dialekten, mar ek dêrbûten binne ferskynsels dy't dêroan tinken dogge. Under Wezerfrysk wurde de Fryske dialekten fan it eastlik part fan it Fryske taalgebiet tusken

Iems en Elbe begrepen: it Riustringer Aldfrysk, oerlevere yn twa hânskriften (R1 en R2), en de Nijfryske dialekten fan it Harlingerlân, Wangereach en Lân Wursten, dy't oars allegear útstoarn binne (Versloot 2001a, 737). Yn § 1 sil ik de klassike foarm fan fokaallykwicht yn it Wezerfrysk en Skandinavysk besprekke en werdefinearje as *wurdliidlykwicht*. § 2 befettet in weranalyse fan in stúdzje fan Löfstedt oer it Fêstewâlnoardfrysk, dêr't ik de obstrewearre ferskynsels as in bysûndere foarm fan *wurdliidlykwicht*, nammentlik *regressyf wurdliidlykwicht*, beskriuw.

1. Fokaallykwicht yn it Frysk

1.1. Beskriuwing fan fokaallykwicht

Yn ferskate Germaanske dialekten kinne wy histoaryske lûdûntjouwings opstrewearje dy't har ôfspylje yn de wikselwurking tusken stamwurdliid en it neifolgjende wurdliid. De umlaut, en dêrfan wer de *palataalumlaut*, is wol de bekendste: in *i of j* yn it neikommende wurdliid palatalisearret it lûd yn it stamwurdliid.

Goatysk	Heechdútsk		
<i>fōtus</i>	<i>Fuß</i>	'foet',	Nsg
<i>fōtjus</i>	<i>Füße</i>	'fuotten',	Npl

Tabel 1. Foarbyld fan palataalumlaut

Umlaut is in *regressyf* ferskynsel: it neifolgjende wurdliid beynfloedet it foarôfgeande wurdliid. En umlaut is in *kwalityf* ferskynsel: it is de kwaliteit fan it neifolgjende lûd dat beskiedend is en de klank, de kwaliteit, fan it stamlûd feroaret, mar net de lingte.

Ek by it saneamde *fokaallykwicht* beynfloedet it iene wurdliid it oare. Under *fokaallykwicht* fersteane wy yn 'e regel in ferskaat yn de ûntjouwing fan it neifolgjende wurdliid as gefolch fan *kwantiteitsferskillen* yn it stamwurdliid. Nei lange wurdliiden wurdt it lûd yn it neikommende wurdliid minder ekstreem en sintralisearre. It meast sintralisearre lûd is de schwa. As dy noch fierder redusearre wurdt, betsjut dat ôffal fan it lûd. In lang wurdliid is in wurdliid mei in lang lûd of in koart lûd folge troch mear as ien bylûden. Foarbylden fan sintralisearring ûnder ynfloed fan wurdliidkwantiteit binne te finen yn it Aldsweedsk (Hofmann 1979, 74):

		Nijyslânsk (sûnder fokaallykwicht)	Aldswedsk (mei fokaallykwicht)
koartstammich	Nsg	<i>faðir</i>	<i>fabir</i>
	Asg	<i>föður</i>	<i>fabur</i>
langstammich	Nsg	<i>móðir</i>	<i>mōþer</i>
	Asg	<i>móður</i>	<i>mōþor</i>

Tabel 2. Fokaallykwicht yn it Skandinavysk

Yn boppesteand foarbyld ferskine nei in lang wurdlied /u/ as /o/ en /i/ as /e/. By fokaallykwicht beskaat de kwantiteit fan it stamwurdlied it lûd fan it neifolgjende wurdlied. It proses is dus *progressyf* en hat yn alle gefallen in *kwantitatyf* aspekt. Ik gean dêr fierderop neier op yn.

A. Kock hat yn 1904 as earste op fokaallykwicht yn it Riustringer Aldfrysk wiisd (sjoch ek Buma 1961, 48). It hoecht jin ek net te fernuverjen dat krekt in Sweed dat ferskynsel opstrewearre, om't fokaallykwicht yn benammen in oantal Sweedske en Noarske dialekten rûnom foarkomt (Haugen 1984, 328-330). Yn it Riustringer Aldfrysk waarden, lykas yn it Aldswedsk, nei lange stammen de neifolgjende lûden ôfswakke fan /i/ en /u/ nei /e/ en /o/ (Boutkan 1996, 27)¹. Foarbylden binne koartstammich: *durun* 'doarren' Dpl, *hiri* 'har' (Fsg); langstammich: *gerso* 'gers' Npl, *are* 'ear' Nsg. Wa't de histoaryske grammatika's fan de ûnderskate Germaanske talen neilêst, sil fuort fernimme dat in ferskil yn ûntjouwing fan lûden nei lang of koart stamwurdlied in wiid ferspraat ferskynsel wie yn de oergong fan Oergermaansk nei Aldgermaansk. Sa fine wy apokope fan útgongen nei lange stammen en behâld nei koarte yn alle Westgermaanske talen by de *ō*-, *i*- en *u*-stammen (Boer 1918, 181 ff.)². Yn letter tiid is fokaallykwicht lykwols beheind ta dielen fan it Aldfrysk en Noardgermaansk.

By it beskriuwen fan de ûntjouwing fan /i/ en /u/ nei /e/ en /o/ haw ik mei sin it wurd 'ôfswakke' brûkt. By fokaallykwicht is yn 'e regel sprake fan minder ekstreme lûden yn it folgjende wurdlied by in gruttere kwantiteit fan de stam. Yn it Sweedske dialekt fan Dalarna is in einichst lûd nei in lange stam sels ferdwûn, wylst it nei in koarte stam bewarre bleaun is (Haugen 1984, 331):

1. Dêrnêst koe it Riustringer Aldfrysk ek noch fokaalharmony, mar dat is hjir fierders net fan belang.
2. Yn guon gefallen binne dy ferskillen letter wer weipoetst troch analogywurking.

Aldweedsk sûnder fokaallykwicht	Aldweedsk mei fokaallykwicht	modern Dalarna-Sweedsk	
<i>fara</i>	<i>fara</i>	<i>färå</i>	‘farre’
<i>kasta</i>	<i>kaste</i>	<i>kast</i>	‘smite’

Tabel 3. Foarbyld fan fokaallykwicht yn it Sweedske dialekt fan Dalarna

Deselde ûntjouwing sjogge wy yn it moderne Wezerfryske dialekt fan Wangereach: ek dêr binne nei lange stammen alle slotlûden ferdwûn, mar nei koarte stammen bewarre bleaun. Yn it 17-de ieuske Wezerfryske dialekt fan Lân Wursten rûn de ûntjouwing fan koarte en lange stammen noch fierder útinoar. Wylst nei lange stammen lûden redusearre waarden en oan ‘e in sels faak ôffoelen, waard nei in koarte stam it lûd yn it neifolgjende wurdlied rutsen en waard it stamlûd redusearre of sels útlitten³:

Aldfrysk	Wangereagersk	Wursterfrysk		
<i>tella</i>	<i>tääl</i>	<i>tell</i>	lang stamwurdlied	‘(fer)telle’
<i>koma</i>	<i>kumme</i>	<i>kma</i>	koart stamwurdlied	‘komme’
<i>wiku</i> ⁴	<i>wüükuu</i>	<i>wakaa</i>	koart stamwurdlied	‘wike’

Tabel 4. Fokaallykwicht yn it Wangereagersk en Wursterfrysk

1.2. Hifkjen fan it ferskynsel fan fokaallykwicht

Yn de ûndersteande tabel wurde de ferskillen yn slotfokaalsystemen nei koarte en lange stamwurdlieden yn in oantal fan de neamde talen en dialekten mei fokaallykwicht op in rychje set:

	koartstammich	langstammich
<i>Aldweedsk</i>	/i ~ a ~ u/	/e ~ æ ~ o/
<i>Riustringer Afr.</i>	/i ~ e ~ a ~ o ~ u/	/e ~ a ~ o/
<i>Wursterfrysk</i>	/i : ~ e : ~ a : ~ o : ~ u :/	/ə ~ Ø/
<i>Wangereagersk</i>	/i - ə - u/	Ø
<i>Dalarna-Sweedsk (âlde /-a/)</i>	/ä :/	Ø

Tabel 5. Fokaalsystemen yn ûnbeklamme wurdlied

Wat opfalt is dat nei koarte stamwurdlieden, yn ferliking mei de posysje nei lange stamwurdlieden:

3. In wiidweidige beskriuwing fan dizze ûntjouwings is te finen yn Hofmann (1961).
4. It Wursterfrysk hat it lûd út de oblike kasus (-a) oernommen.

- de sprieding fan lûdkwaliteiten *grutter* is: mear ekstreme kwaliteiten, en/of
- it oantal mooglike fonemen *grutter* is, en/of
- dat de kwantiteit fan lûden *grutter* is: lûden binne somtiids lang, tsjin koarte of Ø-lûden nei lange stamwurdliden.

De ferskillen tusken de lûden yn ûnbeklamme posysje dy't it gefolch binne fan fokaallykwicht, kinne beskreaun wurde yn termen fan *grutter* of *lytser* en hawwe dus in kwantitatyf aspekt. Dêrby moat it begryp *kwantiteit* al breder definiearre wurde. Oant no ta is kwantiteit brûkt yn de betsjutting fan lingte; it gie hieltyt om de lingte fan in wurdlid. Mar bûten dy ynterpretaasje om betsjut *kwantiteit* 'mannichte'. It giet om dingen of skaaimerken fan dingen (fariabelen) dy't in foech oardering tasteane; it iene is *grutter* of mear as it oare. By alle aspekten dy't hjirboppe neamd binne (mear as minder sprieding fan lûdkwaliteiten, oantal mooglike fonemen, apokope of behâld en lingte fan lûden) kin sa'n oardering oanbrocht wurde. Dêrom wol ik se hjir as *kwantitative* skaaimerken beskôgje⁵. Tagelyk is yn § 1.1. al opmurken dat de reden fan de fariaasje yn de kwantiteit fan it stamwurdlid leit. Mei oare wurden, it giet om beynfloeding fan twa wurdliden, wêrby't de kwantiteit fan it stamwurdlid ek kwantitative gefolgen foar it neikommende wurdlid hat.

As wy it fokaallykwicht yn dy termen besjogge, is it proses ek folle logysker te beskriuwen: in grutte kwantiteit yn it beklamme stamwurdlid giet lykop mei in lytsere kwantiteit yn it neikommende wurdlid. It binne dus net de *kwaliteiten fan lûden* dy't inoar beynfloedzje, mar de *kwantiteiten fan wurdliden*. De beynfloeding is fan stamwurdlid op neifolgjend wurdlid en dus progressyf. It tradisjonele fokaallykwicht soe ik dêrom werdefiniearre wolle as *progressyf wurdlidlykwicht*⁶.

5. Boutkan (1996, 27) seit: "I am tempted to interpret -e and -o as reduced variants of -i and -u [...]" (spasjearring fan *my*), wat strykt mei myn kwantitative ynterpretaasje fan fokaallykwicht. Perridon (2002, 72) hat it lykwols oer "the quality of the vowel" dy't ôfhinget fan de "quantity of the first syllable".

6. Eins doocht it net alhiel om fan lykwicht te praten; it is earder in foech wip, wêrby't in *grutter* gewicht oan de iene kant betsjut dat de oare kant fierder omheech komt. Om dochs wat by de oarspronklike oantsjutting fan fokaallykwicht te bliuwen en om't op in wip ek in foech lykwicht ûntstiet as beide kanten like swier belestige binne, hanthavenje ik hjir dochs mar it wurd lykwicht.

2. Wurdliedlikwicht yn it Fêstewâlnoardfrysk

2.1. Rekonstruksje fan de ûntjouwing fan Afr. /e/

Bûten it Wezerfrysk komt yn it Frysk de boppebeskreaune foarm fan wurdliedlikwicht net foar⁷. Mar der binne yn oare dialekten wol ferskynsels dy't der op lykje. Yn § 2.2. gean ik dêr teoretysk op yn. De ferskynsels dêr't it om giet, binne foar it Fwnfr. al troch Löffstedt (1933) opmurken, mar hy jout in hiel oare ynterpretaasje oan de feiten as my. Ik wol no earst syn ferklearing fan de feiten nochris oereidzje en dêr in oarenien foar jaan.

Yn syn stik "Die Entwicklung des afries. /ë/ in den nordfriesischen Mundarten des Festlands" (1933) behannelet Löffstedt de twafâldige ûntjouwing fan Afr. /e/ yn iepen en sletten wurdlied. Om't Afr. /e/ yn de moderne Fwnfr. dialekten hast altyd troch in lang foneem werjûn wurdt, nimt Löffstedt "[...] drei zeitlich getrennte Dehnungen [...]" (s. 90) oan.

Löffstedt wiist werom nei syn beskriuwing yn Löffstedt 1928 (116, 186 ff.). De ferklearrings dy't er yn 1928 en 1933 jout, binne op details net alhiel gelyk. Ik kom dêr aansjen op werom. De ûntjouwing sa't er dy sjocht, kin mei ûndersteande tabel ferdúdlike wurde. Dêrby abstrahearje ik yn de notaasje fan de tige detaillearre lûdnotaasje fan Löffstedt en behein my ta in fonologyske notaasje fan de lûden fan it dialekt fan de Halligen, dat ek Löffstedt (1933, 73-74) hieltiten as foarbyld oanhellet. Ek de moderne Noardfryske foarbylden binne tenei, as net oars fermeld is, Halligfrysk. It grutter dialektysk ferskaat komt fierderop oan 'e oarder.

Afr.	smel 'smel'	stela 'stelle'	mele 'moal'	epen 'iepen'	lethig 'leech'
1. rekking fan /e/ yn sletten wurdlied	smēl	stela	mele	epen	leðīg
ferswakking fan inkelde stimleaze bylûden yn ynlaut nei koarte lûden; -e > Ø, -a > -e (= /ə/)	smēl	stelə	mel	ebən	leðīg

7. Ik bin noch dwaande mei in ûndersyk nei apokope yn it Westerlauwerske Frysk. It is net útsletten dat dêrby de lingte fan de stam mei in rolle spilet. Oer de útkomsten fan dat ûndersyk sil letter ferslach dien wurde. Oant salang gean ik derfan út dat wurdliedlikwicht in útdruklik Wezerfrysk ferskynsel is.

2. rekking fan /e/ yn iepen wurdliid foar einichst lûd	smēl	stēlə	mel	ebən	leðīg
ferleging fan /e/ > /ɛ/	smēl	stēlə	mɛl	ɛbən	lɛðīg
3. rekking fan /e/ foar oarspronklik Afr. dutsen /e/ en /i/	smēl	stēlə	mēl	ēbən > ē(bə)m	lēðīg > lēri

Tabel 6. Globale ûntjouwing fan Afr. /e/ yn it Fêstewâlnoardfrysk neffens Löffstedt (1933, 74; 1928, 186 ff.)

Utgongspunt foar Löffstedts gronology foarmje de ûnderskate kwaliteiten dy't rekking 1 en 2 oan de iene en rekking 3 oan de oare kant opsmiten hawwe. Rekking 1 en 2 smite /e:/ op en rekking 3 /ɛ:/. Neffens Löffstedt lei dy /e:/ tichter by de oarspronklike kwaliteit fan Afr. /e/. Hy gie der fan út dat Aldfrysk /e/ oarspronklik net foar in [ɛ] stie mar foar in slettener lûd: “[...] wo die Kürze noch ihre geschlossene Qualität wahrte [...].” Dêrom moasten rekking 1 en 2 wol âlder wêze as rekking 3. Letter, noch altiten neffens Löffstedt, “[...] nachdem das e offener geworden war [...]” ûntstiet by rekking 3 in [ɛ:] (Löffstedt 1933, 73).

De ferswakking fan inkelde (dus net-geminate) stimleaze bylûden yn yn-laut nei koarte lûden neamt Löffstedt net yn syn gronology, mar om't dy sa útdruklik ôfhinklik is fan de oarspronklike wurdliidstruktuer en om in ferklearring te jaan foar de oergong fan /p/ > /b/ yn it foarbyld *epen*, haw ik him mar mei-opnaam. Yn Löffstedts gronology soe er winliken ek foar rekking 1 falle kinne.

By rekking 2 moat Löffstedt in ferklearring jaan wêrom at de Afr. /e/ foar in einichst lûd ál en foar in dutsen lûd nét rutsen wurdt, dus wêrom at *stela* > *stēla*, mar *ebən* net > **ēbən*. It giet by it twadde skift om in hiele rige gefallen mei yn it twadde wurdliid Afr. /e/ of /i/ + ien of mear lûden: *-el-*, *-en*, *-er*, *-īg*, *-egia*, *-elia*, *-enia*, *-ek(e)*, *-eme*, *-ing*, bgl. Afr. *ebreken* ‘brutsen’, **meger* ‘meager’, **bedegia* ‘bidde’ (sjoch Löffstedt 1933, taheakken). Yn syn dissertaasje (1928, 187-188) hâldt er it derop dat him yn gefallen by /e/ + likwiden syllabisearring foardien hie, dy't makke dat it wurdliid sletten wurden wie, dus *ebən* > *ebŋ* > *ɛbŋ*. Sa soe de Afr. /e/ yn deselde sletten posysje rekke wêze as Afr. /e/ foar einichste /e/: *mel* < *mel* < *mele*. Foar de gefallen fan Afr. /e/ + bylûd + dutsen /i/, lykas yn Afr. *lethig*, jout er yn 1928 de ferklearring dat dy /i/ oarspronklik lang wie en “[...] eben deshalb, weil die Endsilbe lang war [...]” (s. 188) rekking 2 (yn iepen wurdliid) opkearde. Yn

de stúdzje út 1933 faget er beide skiften op ien bult en seit dat “[...] vor diesen schweren Silben [...]” (s. 74) gjin rekking plakfûn.

Yn 1928 (s. 188) fermeldt Löffstedt noch apart it skift fan Afr. /e/ foar /r/. Dat smyt altiten /e:/ op, dus: *swēra* < *swera* en *bēr* < *bere*. Yn de stúdzje út 1933 bliuwt dat skift bûten beskôging. Foar de grutte line fan it ferhaal is it fierders ek net fan belang.

Der binne ferskate beswieren tsjin Löffstedt syn ynterpretaasje yn te bringen:

- om foar de ûntjouwing fan ien Afr. lûd /e/ nei *two* moderne lûden, /ɛ:/ en /e:/, *trije* ûntjouwingstriemen oan te nimmen, moatte al hiel goede reden wêze; at it ienfâldiger ferklearre wurde kin, soe dat de foarkar hawwe.
- by al dy ûntjouwingstriemen bekroadet er him net oer de fraach wat dan dy nij ûntstiene klanken foar ynfloed op al besteande /e:/ en /ɛ:/ hawwe soene en at se dêrmei mooglik net gearfalle soene. Wêrom falt bgl. de /e:/ yn *smēl* yn de measte dialekten net mei de /e:/ yn Afr. *skēp* ‘skiep’ gear?
- hy is twongen om *two* kear (rekking 1 en rekking 3) in fierders net-motivearre rekking yn sletten wurdliid oan te nimmen.
- hy nimt in ferskil tusken rekking foar keale slotfokaal en foar dutsen slotfokaal oan. Beide ferklearrings dêrfoar lykje wakker *ad hoc* en slute net oan by oare bekende ûntjouwings. Yn myn eagen is it iennichste mienskiplike dat op it stamwurdliid in dutsen lûd folget dat net Afr. /a/ is⁸.

De dûbele rekking yn iepen wurdliid en de beheining fan in neikommend lûd dat al as net dutsen wie, soene nochal unyk wêze yn ferliking mei wat wy kenne yn oare Germaanske talen⁹. Löffstedt hie himsels bûn troch oan te nimmen dat de lûdwearde [ɛ] foar Afr. /e/ jonger wie en dat dus de gefallen mei /e:/ âlder wêze moasten as dy mei /ɛ:/. Om’t einichste Afr. /e/ ôffoel mar Afr. /a/ stean bleau en dêrmei it stamlûd, lykas yn gefallen fan Afr. dutsen /e/ en /i/, yn iepen wurdliid stean liet, rekke er mei it begryp rekking yn

-
8. It ultieme bewiis soe te jaan wêze at der ek gefallen fan dutsen Aldfrysk /a/ wiene, mar troch de beheining dy’t der binnen it Aldfrysk op ‘e distribúsje fan lûden yn ûnbeklamme wurdliiden bestiet, komt soks net foar. De iennichste útsûndering soe it meartal op *-ar* (bgl. *fiskar* ‘fiscen’) wêze, mar dat meartal komt yn it Fwnfr. net meartal foar.
 9. Rekking yn sletten wurdliid komt wol geregeld yn alderhande talen foar, mar dan benammen foar bepaalde bylûden, of as kompensaasje foar degeminearre bylûden. In ûnderskie yn rekking foar al as net dutsen einlûd is my hielendal net bekend.

iepen wurdlied ek noch yn 'e tiis. Yn guon gefallen moast er der dan al en yn oaren wer gjin rekking yn iepen wurdlied oannimme. It argumint dat er brûkt dat it gewicht fan it neikommende wurdlied dêr wol ris in rolle yn spylje kin, sil ik aansen ek brûke, mar dan op in oar plak yn de ûntjouwing.

Sa makke Löffstedt ien en oar yn myn eagen ûnnedich yngewikkeld. Om't /e/ yn sletten wurdlied en foar /a/ deselde útkomst hawwe, wurdt it hiele ferhaal folle ienfâldiger as jo oannimme dat /e/ foar /a/ him struktureel by de /e/ yn sletten wurdlied oansletten hat:

Afr.	smel	stela	mele	epen	lethig
ferswakking fan inkelde stimleaze bylûden yn ynlaut nei koarte lûden en reduksje fan /-e/ > /-ə/	smel	stela	melə	ebən	leðig
1. rekking fan Afr. /e/ yn iepen wurdlied foar /e/ en /i/ > /ɛ:/	smel	stela	mēlə	ēbən	lēðig
-ə > Ø, -a > -e (= /ə/)	smel	stelə	mēl	ēbən	lēðig
2. rekking fan Afr. /e/ > /e:/ as gefolch fan de ferleging fan /l/ > /ɛ/ > (/a/)	smēl	stēlə	mēl	ēbən > ē(bə)n	lēðig > lēri

Tabel 7. Globale ûntjouwing fan Afr. /e/ yn it Fêstewâlnoardfrysk neffens Versloot

Wy hawwe yn de nije ynterpretaasje te krijen mei mar twa rekkingen: de earste kears yn iepen wurdlied, útsein foar neikommende /a/. Oer it feit dat Afr. /e/ foar neikommende /a/ net meidocht mei de rekking yn iepen wurdlied yn § 2.2. mear. De twadde rekking treft alle oerbleaune koarte Afr. /e/-lûden. De reden dêrta moat socht wurde yn it feit dat de oarspronklike Afr. /i:/ úteinlik /l/ waard yn it Noardfrysk: *is* 'iis', *tid* 'tiid'. Dêrtroch moast de earde-re Afr. /i/ - foar safier net rutsen yn iepen wurdlied - útwike en dat koe allinnich omleech: *faske* 'fisk', *maade* 'midden'. Foar de oarspronklike Afr. /e/ en /a/ wie der doe hast allinnich noch de mooglikheid fan ferlinging (ferl.

Versloot 2001b, 772). Ek Afr. /o/ gie mei yn de ferlinging; it giet te fier om de krekte reden dêrfoar hjir hielendal te behanneljen.

Aldfrysk	/e/: <i>smel</i>	/a/: <i>katte</i>	/o/: <i>stokk</i>
Öömrang	smääł	kaat	stook
Halligfrysk	smeel	kaot	stook
Wiedingharder Frysk	smeel	koat	stook

Tabel 8. Rekking fan oarspronklik net-slettene koarte lûden yn sletten wurdliid yn guon Noardfryske dialekten

At en wannear en hoefolle at Afr. /e/ ta [ɛ] ferlege wie, is minder fan belang. De útkomst fan de rekking fan /e/ waard yn beide gefallen (earste of twadde kears) earder troch struktureel-fonologyske as suver fonetyske reden beskaat. Yn it Fwnfr. wie Afr. ē¹ swier beset, bgl. *skeep* ‘skiep’, *reed* ‘trie’ (Hofmann 1964, 161). Afr. ē², dat oarspronklik sokssawat as [ɛ:] west hawwe sil, waard dêr ta /ea/ > /ia/ en letter yn de measte dialekten > /i(:)/, bgl.: *brjad* ‘breed’, *hiire* ‘hearre’, beide mei Afr. ē². Dêrtroch wie /e:/ frij foar it rekkingsprodukt fan /e/ yn iepen wurdliid útsein foar /a/. De útkomst fan dy rekking fan /e/ yn iepen wurdliid falt sa nearne mei de oarspronklike Afr. ē¹ of Afr. ē² gear (sjoch ek hjirmei). Doe’t letter ek de oerbleaune Afr. /e/ (yn sletten wurdliid en yn iepen wurdliid foar oarspronklike /a/) noch rutsen waard, wie it al aardich foller yn it systeem fan lange lûden, om’t koarte lûden yn guon gefallen al rutsen wiene yn iepen wurdliid. Dochs wurdt yn fer-skate Fwnfr. dialekten troch fierdere lûdûntjouwings ek dan noch gearfal fan de letter rutsen /e/ mei de earder rutsen /e/ of Afr. ē¹ tefoaren kaam. De Fwnfr. dialekten binne allegear ienriedich yn de strukturele keppeling fan /e/ yn sletten wurdliid mei /e/ yn iepen wurdliid foar /a/, mar fierders binne de útkomsten net allegear gelyk:

De haadûntjouwing fan Afr. \bar{e}^1 en /e/ yn de ûnderskate dialekt-groepen	Afr. \bar{e}^1 <i>skēp</i> 'skiep'	Afr. /e/ yn iepen wurdlied net foar <i>/a/ lete</i> 'let'	Afr. /e/ yn sletten wurdlied en foar /a/ <i>breka</i> 'brekke'
Mooringer Frysk en guon Noardergoesharder dialekten	/ɛ.i/ <i>schäip</i>	/ɛ:/ <i>lää</i>	/ɛ:/ <i>breege</i>
Halligen en guon Suder- en Noardergoesharder dialekten	/ɛ:/ <i>skeep</i>	/ɛ:/ <i>lää</i>	/ɛ:/ <i>breege</i>
Midgoesharder Frysk	/ɛ:/ <i>scheep</i>	/a:/ <i>laa</i>	/ɛ:/ <i>brääg</i>
Schobüller Frysk (Sudergoesharde)	/ɛ:/ <i>scheep</i>	/ɛ:/ <i>lää</i>	/ɛ:/ <i>brääge</i>

Tabel 9. Strukturele gefolgen fan de ûntjouwing fan Afr. /e/ yn it Fêstewâlnoardfrysk

Lykas boppe útholden, waard /ɛ:/ dus opfolle troch de rutsen Afr. /e/ yn iepen wurdlied. It produkt fan de twadde rekking falt dan yn it Halligfrysk en guon Suder- en Noardergoesharder dialekten mei Afr. \bar{e}^1 gear yn /e:/ (= [e:] of [e.¹]). Yn de measte noardlike fêstewâlsdialekten (Ockholm en noardliker) hawwe de measte wurden mei Afr. \bar{e}^1 in /ɛ.i/ ûntwikkele. Sa wurdt gearfal mei it produkt fan de twadde rekking fan /e/ dus tefoaren kaam. Yn it Sudergoesharder dialekt fan Schobüll falt it produkt fan de twadde rekking mei dat fan de earste rekking gear: beide wurde /ɛ:/ (Löfstedt 1933, 96 ff.), wylst Afr. \bar{e}^1 dêr /e:/ is (s. 32). Yn de Midgoesharder dialekten is it produkt fan de twadde rekking ek /ɛ:/, mar dêr wurdt dat fan de earste sels ferlege ta /a:/. Ek yn dy dialekten is Afr. \bar{e}^1 > /e:/. Foar de measte Fêstewâlsdialekten jout in strukturalistyske benadering dus in goede ferklearring foar de ûntjouwing fan Afr. /e/.

Sjoch ik werom op myn beswieren tsjin Löfstedt syn ynterpretaasje, dan kin sein wurde dat minent yn alle gefallen ienfâldiger is, rekken hâldt mei, en foar de rekking yn sletten wurdlied sels ferklearring fynt yn, struktureel-fonologyske prosessen en ynstee fan mei twa kear in min ferklearbere rekking yn sletten wurdlied en in frjemdsoartich ferskil tusken dutsen of net dutsen lûd allinnich wurket mei in gearfal fan Afr. /e/ yn sletten wurdlied mei dy

foar neikommende /a/. Dat is yn alle gefallen ienfâldiger. Hjirnei sil ik besykje om sjen te litten dat it ek teoretysk moai past yn wat wy witte oer wurdliedlikwicht.

2.2. De ûntjouwing fan Afr. /e/ en de teory fan wurdliedlikwicht

Wêrom soe no Afr. /e/ yn iepen wurdlied foar /a/ deselde wei folgje as /e/ yn sletten wurdlied? De ferskillende ûntjouwing fan einichste Afr. /a/ en /e/ (Löfstedt 1928, 186) lit sjen dat beide fonemen dúdlik útinoarholden waarden. Yn it moderne Fwnfr. is einichste Afr. /e/ trochstrings ôffallen, wylst dat einichste Afr. /a/ faak as /ə/ bewarre bliuwt, bgl. *tume*, *boo* 'e < Afr. *thūma*, *boga* 'tomme, bôge'; *uuch*, *määl* < Afr. *āge*, **mele* 'each, moal'. Dy regel is net ôfhinklik fan de kwantiteit fan it stamwurdlied en stiet dus los fan it wurdliedlikwicht sa't dat yn § 1. beskreaun is.

As wy it ferskil tusken einichste /a/ en /e/ yn it kwantitative model fan § 1 pleatse, dan stiet de útgong /a/ foar in gruttere kwantiteit as de útgong /e/, dy't mûlk al /ə/ wie. Ferlykje benammen tabel 3. De lettere ûntjouwing fan Afwnfr. einichste /a/ en /e/ ta nei-inoar tsjinwurdich /ə/ en Ø - in dúdlik kwantitative ferhâlding - wiist der ek op dat op in stuit yn de skiednis fan it Fwnfr. de wiksel tusken /a/ en /e/ kwantitatyf opfette wurde moat¹⁰.

Rekking fan in stamlûd yn iepen wurdlied is tanimmen fan kwantiteit. As in wurdlied mei in gruttere kwantiteit folget (hjiir dus /a/), dan leit in fergrutting fan de kwantiteit fan it foarôfgeande wurdlied minder yn 'e reden as wannear't in kwantitatyf minder wurdlied folget, om't yn it earste gefal it wurd as gehiel dan te 'swier' wurdt. Der is dus sprake fan in beskaat lykwicht tusken de wurdliieden. It gearfallen fan koarte lûden yn iepen wurdlied foar folgjende /a/ mei de lûden yn sletten wurdlied docht him yn it Fwnfr. oars net allinnich by Afr. /e/ foar, mar by alle koarte lûden (Löfstedt 1928, 168, 186, 220; Löfstedt 1931, 112). Myn ynterpretaasje fan de ûntjouwing kin dêr ek op tapast wurde. It giet dus om in algemien ferskynsel dat gearhinget mei in al as net neikommende Afr. /a/, dat net ôfhinklik is fan de kwaliteit fan it stamwurdlied.

Ien punt moat hjiir wol hiel dúdlik ûnderskaat wurde. By de tradisjonele gefallen fan wurdliedlikwicht, lykas besprutsen yn § 1, is sprake fan *progressyf wurdliedlikwicht*: de kwantiteit fan it neikommende wurdlied wurdt

10. Dat stiet los fan it feit dat histoarysk sjoen de /a/ en /e/ weromgeane op ûnderskate Aldgermaanske lûdkwaliteiten.

stjoerd troch de kwantiteit fan it foarôfgeande wurdlid. Yn boppesteande foarbylden hawwe wy te krijen mei in omkearde wurking. De kwantiteit fan it neifolgjende wurdlid is syngroan net ôfhinklik fan it foarôfgeande wurdlid, mar fan de histoaryske ûntjouwing. Dy histoaryske ûntjouwing smyt in oantal ferskillende fokaalkwaliteiten op - foar de measte dialekten kin fan in Aldfrysk stadium mei allinnich noch /e/ en /a/ útgien wurde¹¹ - dy't yn it ramt fan wurdlidlykwicht in kwantitative wearde krije: /a/ is grutter as /e/ (dat mûlk al yn it lettere Aldfrysk [ə] wie). Dy kwantitative wearde fan it neifolgjende wurdlid bepaalt oanslutend de kwantiteitsûntjouwing fan koarte stamlûden yn iepen wurdlid. Der is dus sprake fan *regressyf wurdlidlykwicht*.

2.3. *Regressyf wurdlidlykwicht yn oare Fryske dialekten*

It ferskynsel fan regressyf wurdlidlykwicht falt ek te opstrewearjen yn it Eastfryske Harlingerlânsk en it Westerlauwerskfryske Skiermûntseagersk. Yn beide gefallen sjogge wy apokope fan einichste Afr. /e/ en behâld fan /a/ as /ə/. Yn it Harlingerlânsk wurde de koarte lûden foar einichste /e/ rutsen. Foar einichste /a/ bliuwt it lûd koart en wurdt it bylûd rutsen (Versloot 1996, 249)¹².

Afr.	Harl.		Afr.	Harl.	
*pere	pyhrr	'par'	noma	nommen	'namme'
sune	zuhn	'soan'	*slida	schlidde	'slide'
wike	wyhk	'wike'	jeva	jiffen	'jaan'

Tabel 10. Untjouwing fan koarte fokalen foar Afr. /e/ en /a/ yn it Harlingerlânsk

- De gefallen mei /i/ binne in pear suffiksen, lykas *-ig* en *-ing*. Ek yn in taal as it Nederlânsk, dat oars ek alhiel gjin ûnderskieden lûden yn ûnbeklamme wurdliden ken, komt [i] yn it suffiks *-ing* foar, bgl. beweging [bəʋe.ɣɪŋ].
- Ut de gegevens dy't ik hjir prissentearje, ûntstiet gjin kompleet byld fan it Harlingerlânsk. Ik hoopje yn in oare publikaasje nochris sjen te litten dat it Harlingerlânsk eins in kombinaasje fan regressyf en progressyf wurdlidlykwicht hat.

Yn it Skiermûntseagersk binne spoaren fan wurdliedlikwicht better net te witten allinnich by Afr. /o/ te finen (Spenter 1968, 111). It byld yn it Skiermûntseagersk wurdt fersteurd troch in lettere rekking, lykas yn it Fwnfr. Mar ek yn it Skiermûntseagersk nimt it lûd foar /a/ in oare wei as foar /e/:

Afr.	Skm.		Afr.	Skm.	
*hose	heus	‘hoas’	*hosa	hôze	‘hoazzen’
*sole	seul	‘soal’	*sola	sôle	‘soalen’

Tabel 11. Untjouwing fan Afr. /o/ foar /e/ en /a/ yn it Skiermûntseagersk

Mienskiplik foar alle trije dialekt(groep)en Fwnfr., Harlingerlânsk en Skiermûntseagersk is dat de ûntjouwing fan koarte lûden yn iepen wurdlied fer-skillend is foar neikommende oarspronklike Afr. /e/ of /a/. Ek algemien is dat foar neifolgjende /a/ it stamlûd net meidocht oan de algemien Germaanske rekking yn iepen wurdlied. De gearfal fan koarte lûden foar neifolgjende /a/ mei de oerienkomstige koarte lûden yn sletten wurdlied is lykwols in strukturele bysûnderheid fan it Fwnfr.

Ik mien sa oantoand te hawwen dat it proses dat Löffstedt beskriuwt it gefolch is fan in bysûndere soarte fan fokaallykwicht, dy’t ik hjir wurdliedlikwicht neamd haw. Progressyf wurdliedlikwicht, dus op ‘e wenstige wize fan ‘fokaallykwicht’, fine wy yn it Riustringer Aldfrysk en Wangereagersk. It wurdliedlikwicht lykas wy dat sjoen hawwe yn it Fêstewâlnoardfrysk, it Harlingerlânsk en Skiermûntseagersk is regressyf; it wurket fan efterút it wurd wei nei it stamwurdlied ta.

*Fryske Akademy
Ljouwert*

LITERATUER

- Boer, R.C. 1918 *Oergermaansch handboek*. Haarlem.
- Boutkan, D. 1996 *A concise grammar of the Old Frisian dialect of the First Riustring Manuscript*. Odense.
- Buma, W.J. 1961 *De eerste Riustringer Codex*. 's-Gravenhage.
- Haugen, E. 1984 *Die Skandinavischen Sprachen*, Durchgesehene, umgearbeitete und erweiterte Auflage. Hamburg.
- Hofmann, D. 1961 "Snuh 'Sohn' - Akzentverschiebung und Stammsilbenreduktion im Wurster Friesisch". Yn: *Zeitschrift für deutsches Altertum und deutsche Literatur* 90, 303-322.
- Hofmann, D. 1964 "Germanisch ē² im Friesischen". Yn: *Festschrift für Jost Trier zum 70. Geburtstag*, Köln-Graz, 160-185.
- Hofmann, D. 1979 *Altnordisches Elementarbuch*. Berlin, New York.
- Kock, A. 1904 "Vocalbalance im Altfriesischen". Yn: *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur* 29, 175-193.
- Löfstedt, E. 1928 *Die nordfriesische Mundart des Dorfes Ockholm und der Halligen I*. Lund.
- Löfstedt, E. 1931 *Nordfriesische Dialektstudien* (= 'Löfstedt 1928 II'). Lund/Leipzig.
- Löfstedt, E. 1933 "Die Entwicklung des afries. *e* in den nordfriesischen Mundarten des Festlands". Yn: *Beiträge zur nordfriesischen Mundartforschung*, Lund, 69-96.
- Perridon, H. 2002 "The quantity shift in North Germanic". Yn: *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 56, 69-77.
- Spenter, A. 1968 *Der Vokalismus der akzentuierten Silben der Schiermonnikooger Mundart*. Kopenhagen.
- Versloot, A.P. 1996 "Konsonantgeminaten in der Sprache der Wangerooger: eine Einmaligkeit unter den westgermanischen Sprachen". Yn: *A Frisian and Germanic Miscellany = Nowele* 28/29 (1996). Odense/Bredstedt, 241-250.
- Versloot, A.P. 2001a "Grundzüge ostfriesischer Sprachgeschichte". Yn: H.H. Munske e.a. (red.), *Handbuch des Friesischen*, Tübingen, 734-740.
- Versloot, A.P. 2001b "Vergleichende Aspekte friesischer Lautgeschichte". Yn: H.H. Munske e.a. (red.), *Handbuch des Friesischen*, Tübingen, 767-775. *η*